

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 42 Reglemint fan Oarder

| Rjochte oan DS / lid DS | Sietske Poepjes |
|-------------------------------------|---|
| Ynljedende taljochting (fakultatyf) | <p>Koroana stipe Hafabra, amateurtoaniel en koaren Op 7 jannewaris 2021 hawwe de gemeenten en ek de provinsje in brief fan de OMF (<i>Organisatie van Muziekverenigingen in Fryslân</i>) krigen.¹ Yn it brief wurdt in berop dien op stipe troch gemeenten oan de muzykkoepel. Sy skriuwe sels dat sy in wichtige posysje yn de maatskippij hawwe: sy hawwe tûzenen leden, fersoargje edukaasje op skoallen, organisearje partisipaasje en kulturele aktiviteiten. De konklúzje fan it brief is, dat dy stipe dus te regeljen is.</p> <p>Yn it earste plak is it brief skreaun oan de gemeenten, mar ek de provinsje² hat fia Keunstwurk in subsydje-relaasje mei it de OMF, mar ek met de STAF (<i>Stifting Amateurtoaniel Fryslân</i>) en SAKO (<i>Stifting Samenwerkende Korenorganisaties</i>).</p> <p>Fia it Ministearje fan Ynlânske Saken (BZK) is der foar de provinsje (wer) jild beskikber kaam foar stipe oan kulturele organisaasjes yn ferbân mei koroana-skea.</p> <p>Yn de Ljouwerter Krante fan 26 jannewaris 2021³ wurdt in byld sketst fan in weromrinnend tal leden fan muzykferienings, in opdrûgjende stream fan nije leden troch't muzykredukaasje op it stuit net trochgean kin en in gemeente (Weststellingwerf) dy't mei de koroana-middels besiket te helpen.</p> <p>CDA en FNP fine de amateurkeunst de smaroalje fan de maatskippij. It is faak de earste kear dat bern en jongerein mei keunst en kultuer yn oanreking komme en sadwaande ek tige wichtich foar de ûntwikkeling fan bern en jongerein en boppedat ek foar de sosjale koheezje yn doarp of wyk.</p> |
| Fraach / fragen | <p>1a. Is it kolleezje op 'e hichte fan de soargen fan it OMF?</p> <p>1b. Sjocht it kolleezje de amatuerkeunst in Fryslân ek as de smaroalje foar de mienskip?</p> <p>2. Is der al kontakt west mei de OMF, Keunstwurk en de oare koepels om in antwurd te finen op it net trochgean fan ledewin-kampanjes en kultuerredukaasje?</p> |

¹ Organisatie van Muziekverenigingen in Fryslân OMF en Koninklijke Nederlandse Muziek Organisatie (KNMO), *'Besteding van de corona- en steunpakketten t.b.v. cultuurparticipatie'*, 7 jannewaris 2021;

² Kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân, Brief DS, kenmerk 01791770, *'Update inzet aanvullende steun aan cultuur in verband met Corona en advisering BIS en Fonds Podiumkunsten 2021-2024'*, 27 augustus 2020; Brief DS, kenmerk 01792885, *'Update maatregelen coronacrisis'*, 10 septimber 2020; Brief DS, kenmerk 01809068, *'Update maatregelen coronacrisis'*, 27 oktober 2020; Brief DS, kenmerk 01813725, *'Culturele installingen in coronatijd'*, 5 novimber 2020;

³ Leeuwarder Courant, *'Korpsen zien leden in coronatijd vertrekken'*, 26 jannewaris 2021;

| | |
|--|---|
| | <p>3. Kloppet it dat der op 'e nij in bedrach troch it Ministearje fan Ynlânske Saken fia it IPO nei de provinsje ta kaam is foar koroana-stipe oan it kulturele fjild?</p> <p>4. Yn it easte plak geane gemeenten oer de amateurkeunst mar ek provinsjaal hat de amateurkeunst in wichtich plak yn ús kultuer beleid (Nij Poadium).</p> <p>4a. Sjocht it kolleezje mooglikheden om fia besteande spoaren de amateurmuzyk en -toaniel (OMF, STAF en SAKO) yn 'e mjitte te kommen mei in part fan de nij-beskikbere middels (sjoch fraach 3)? En dêrmei antwurd te jaan op it probleem dat yn fraach 2 sketst wurdt?</p> <p>4b. Soe it kolleezje kontakt opnimme wolle mei de gemeenten yn Fryslân en yn de mande mei har oplûke wolle om te sjen wat der mooglik is? As dat sa is, kin it kolleezje dan oanjaan hoe't it dat dwaan sil. As dat net sa is, wêrom net?</p> <p>4d. Wol it Kolleezje ús op 'e hichte hâlde fan de aksjes dy't ûndernaam wurde en fan de oerlizzen mei de gemeenten?</p> |
|--|---|

| | |
|---------------|---|
| Yntsjinner(s) | <p>(fraksje / namme / hântekening)</p> <p>CDA, Wieke Wiersma</p> <p>FNP, Sijbe Knol</p> |
|---------------|---|

| | |
|-------|--------------------|
| Datum | 26 jannewaris 2021 |
|-------|--------------------|